

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: S. Posthumus, FNP
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	26-2-2020
Wurklistpunt	08. Agiostoaring NOM en Ynnovaasjefûns Noard-Nederlân BV (IFNN)
Koarte titel fan de moasje	Neigean legere kosten NOM
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op de 26^e fan foarjiersmoanne 2020,</p> <p>heard hawwende de rieplachting;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none">• De resultaten fan de NOM yn in pear jier tiid omslein binne fan winst nei in grut miljoeneferlies;• De provinsje Fryslân alle jierren mear as € 300.000 mienskipsjild bydraacht oan de NOM;• It de ferwachting is dat yn 2021 troch it Min. fan EZK wer in evaluaasje holden wurde sil fan alle ROM's (Regionale Ontwikkelings Maatschappijen) yn Nederlân oer de perioade 2016-2020 en dan ûnder oare sjoen wurde sil nei de effisjinsy en kosten; <p>oerwaagjend dat</p> <ul style="list-style-type: none">• De resultaten nei boppe bysteld wurde kinne troch mear opbringsten, legere kosten of in kombinaasje fan beide;• De totale personiels- en oare kosten fan de NOM as persintaazje fan de opbringsten tusken 2016 en 2018 tanommen binne fan 31% nei 54% <p>fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten</p> <ul style="list-style-type: none">- by de NOM oan te stean op in 'stofkaam-operaasje' om nei te gean wêr't de kosten nei ûnderen kinne <p>en gean oer ta de oarder fan de dei</p>	

Yntsjinner(s)	FNP, S. Posthumus
---------------	-------------------

MOASJE